

Liet 912: Nim myn libben, lit it, Hear

1 Nim myn libben, lit it, Hear,
tawijd wêze oan jo ear.
Nim myn oeren en myn tiid,
dat ik foar it goede striid.

3 Nim myn stim, sadat myn liet
Jo, myn kening, hulde biedt.
Nim myn lippen, lis se op
dat ik fan jo dieden rop.

5 Nim myn wil en meitsje 'm frij,
brek de eigen eare_yn my.
Nim myn hert Jo ta in troan,
wenplak fan jo Geast aloan.

2 Nim myn hannen, jou se macht
ta jo wurk by dei en nacht.
Nim myn fuotten, dat se stil
gean de wegen fan jo wil.

4 Nim myn sulver en myn goud,
dat ik dêr net op fertrou.
Nim myn krêft en myn ferstân,
ark mei 't wêze yn jo hân.

6 Nim myn leafde, leave God,
'k jou oan Jo myn grutste skat.
Nim mysels en mear en mear
wol 'k my oan Jo wijje, Hear.

Segen

Liturgy Skuorregea

3 novimber 2024

Foargonger: dhr. Wietse Prins

Oargelist: Lenie Drint

Wolkom en votum

Liet 705: Eare oan God de Heit, de Skepper

1 Ear' oan God de Heit, de Skepper,
eare ek oan God de Soan,
eare' oan God de Geast, de Treaster,
de Trij'-ienige op syn troan!
Halleluja, halleluja,
de Trij'-ien'ge op syn troan!

3 Ear'oan Him, de Hear fan ingels,
tsjerke, meitsje grut dyn Hear!
Ear' oan Him, de Hear fan folken,
lerd' en himel jou Him ear.
Halleluja, halleluja,
tsjerke, jou dyn kening ear!

2 Ear' oan Him, waans wûnd're leafde,
ús fan alle smet befrijt,
ear' oan Him dy't ús as kenings
kroand hat yn syn hearlikheid.
Halleluja, halleluja,
eare oan it Godslaam wijd!

4 Halleluja, lof, oanbidding,
hat it ing'lekoar Jo brocht,
mei betoan fan ear' en gloarje
hat jo skepping Jo betocht.
Halleluja, halleluja,
lof ús heechste heil en ljocht!

Ynlieding

Liet 838 O grutte God, de leafde sels

1 O grutte God, de leafde sels,
o Heit op wa't wy bouwe,
kom yn ús hert, dat wy ússels
yn leafde oan Jo jouwe.
Meitsj' ús it ljocht fan dizze wrâld
en foar de ierde sâltsjend sâlt.
Lit ús jo wurden sizze,
jo wierheid iepenlizze.

2 Meitsj' ús folbringers fan jo wei,
ta stim fan jo genede,
dan giet dy't wifket mei ús mei
en fynt de doarmer frede.
Lit ús yn trou it paad begaan
nei harren dy't fan fierren stean,
dat wy, troch Jo feroare,
de minste wêze doare.

3 Lear ús de godlik-wize wet
fan leafde te bewarjen,
dat wy net yn in tizelnet
fan striid en skeel bedarje.
Lis op ús lippen 't âlde wurd
dat op jo bân mei minsken tsjut.
Doch troch ús dwaan en litten
jo hearlik wurk te witten.

Gebed

Skriftlêzing: Genesis 1: 26 – 31

Liet 823: Jo joegen, Heit dy't alles liede

1 Jo joegen, Heit dy't alles liede,
de minskebern in rike ierde
mei lân en see, mar alderearst
ha Jo it wurd lein op syn lippen
om tusken dream en deistich skrippen
tsjûge te wêzen fan jo Geast.

4 Jo grutte leafde gie ús foar;
haw tank foar Kristus' kommen.
Wy hawwe doe't Er iensum stoar
jo djipste wurd fernommen.
Noch klinkt dat wurd fan fred' en rjocht,
it wurdt rûnom ta dieden brocht,
dêr't minsken breklik stribje
mar út jo leafde libje.

2 Jo wiisheid en jo wolbehagen
bepale al syn libbensdagen,
wize him wegen om te gear.
As tûzen eangsten him bespringe,
woll' Jo him romte_en frijheid bringe
en hearskje litte oer 't bestean.

5 O God, ûnwennich is ús herte,
wêr't wy ús ek nei wenjen sette.
Wy sykje_in better heitelân.
Beskik ús, nei ús ierdske tinten,
in stêd dêr't Jo de fûneminten
fan lein ha mei jo eigen hân.

Skriftlêzing: Johannes 1: 1 – 14

Liet: 981 Salang't op ierde minsken binne

1 Salang't op ierde minsken binne,
en d' ierde fruchten jout, sa lang
sill' Jo ús as in heit beminne,
foar al wat libbet, Hear, ús tank.

3 It fee, de fûgels en de blommen,
wat groeit en bloeit op fjild en lân,
it hat by Jo syn ûnderkommen,
myn dagen binne yn jo hân.

2 Salang't de minsken wurden sprekke,
salang't wy libje foar elkoar,
sa lang sill' Jo ús net ûntbrekke,
yn Jezus' namme tank dêrfoar.

4 Jo woenen sels, grutmachtich Heare,
om ús te rêden fan 'e dea,
jo eigen Soan ús net ûntkeare,
syn lichem is it libben brea.

5 Dêrom moat alles Jo oanbidde,
jo leafde hat ús 't libben jûn,
Wy binn' as bern oan Jo besibbe
en bliuwe mei jo bern ferbûn.

Oertinking

Oargelmuzyk

Foar altyd jong

Gebed

Collecte: 1. KIA (Zending Ghana) en 2. Kerk

03 Collecte Kerk in Actie 2024 - Zending (Ghana)

NOV

Ghana is een overwegend christelijk land, maar in het droge noorden zijn christenen in de minderheid. Vooral in de afgelegen dorpen is het leven een uitdaging, met slechte wegen en tekort aan schoon drinkwater en elektra. Kerken in Noord-Ghana leiden sterke voorgangers op, die de uitdagingen van hun leefomgeving begrijpen en de mensen kunnen ondersteunen.

